

Yn de Meiinoar, de doarpskrante fan Suwâld, stie ûndersteand ferhaal út it Veeninga argyf.

In eigenerfd boer, doarpsrjochter en ûntfanger yn Suwâld

17 july 1754 ferstoar Symen Folkerts Algra, as widdener. Hy hie 3 kear trouw west.

Yn 1716 mei Japke Gerrits; hja krigen 3 bern werfan net ien mear yn libben wie.

Yn 1723 mei Grietje Johannes Snoek, 4 bern werfan 2 al trouw.

Yn 1735 mei Sytyske Sipkes, seis bern allegear noch yn'e hûs.

Erven:

Piter en Aaltsje beide al trouw, en

Folkert en Tytsje mei as curator Doede Romkes en

Sipke, Aaltsje, Grytsje, Gerbrich, Sjoerdsje en Geeltsje, mei curatoren Rinnert Ottes, en Wibe Jans fan Surhuzum. De bern erfden allegear, elk foar in tsiende part!

Fêstichheden:

1. **In pleats yn Suwâld**
2. **Noch in hûs mei skuorre yn Suwâld.**
3. **5½ med ferhierd lân op it Suwâldsterfjild**
4. **In pleats yn Tytsjerk**
5. **meiinoar 17½ med los ferhierd lân yn Tytsjerk**
6. **De taxaasje fan de opstallen, it hôf en de beammen fan de pastorijepleats yn Tytsjerk.**
7. **It fee: 8 kij, 5 rierren, 2 hoklingen, in inter en in twinter bolle, 4 kokeallen, in swartbonte inter okse, 2 okse keallen, 6 hynders, 2 fôlen, 1 skimmel inter merry, 3 skiep, 2 âlde bargaen en 2 spjallings.**

It falt ôf dat sa'n grutte boer mar sa'n bytsje fee hie, mar dat kaam troch de feepest dy't doe gie, hja leinen har doe ta op bou en it fokken fan hynders.

8. **Bêdeguod:**
5 bêden, 4 peulen, 12 holkessens, 7 lekkens, 10 wite lekkens, 8 peuldoeken, 4 peulsekken, 4 griene tekkens, 4 spaanske tekkens, 1 japanske bernetekken, 7 slopen, 2 servetten, 3 pear griene bêdgerdinen mei rabatten, 2 reade glesgerdinen, 1 grien en 2 bûnte skoarstien-kleden, 2 bûnte tafelkleden, 4 tripen stoelkessens, 5 sekken, in tsjernekleed, 13 jellen nij doek, 40 jellen grou doek, in stik web by de weaver en 3 lepsen flaaks yn it lân te waskjen.

Spaanske tekkens wienen breidene wollen tekkens, japanske tekkens wienen breidene of haakte katoenen bernetekken. Gerdinen wie doe ek wat nijs om de hege ramen yn de pronkkeamer te omlisten, as it kâld waard koenen de binnenblinen ek noch ticht. In tsjerne kleed waard brûkt as men de tsjerne in skoft net nedich hie, hy lei dan op in moai bewurke skammel, it koperwurk gled poetst, en mei in moai bewurke kleed der oer hinne, yn'e keamer te pronk. In lepsen flaaks is it flaaks fan 2 are.

9. **Manljus klean**
In brún sergien rok en kamisoal, noch sa'n rok en broek, 2 swartlekkense

rokken en kamisoalen, in brún lekkens kamisoal, in sergien kamisoal, in brún lekkense reissek, in brún sergien broek, in swart lekkense rok, in wyt damasten himdrok mei 32 ribde sulveren knopen, en ien mei 24 sokke knopen, 2 huodden, 2 pear swarte hoasens, 4 himden, in swart greinen almanak mei sulveren beslach.

Serge wie in kepere tweed-achtige stof foar deiske 'knappe' klean. Lekken wie in wat ferfilte fyn wollen stof foar in deftich pak. Symen Folkerts koe dus wol foar't ljocht komme. In swart greinen almanak. Grein is in weefsel fan geitehier en wolle. Hiel moai gled, meast read.

10. Frouljus klean dy't de bern fan Sytske taparte wurde.

In pear swart krippen mouwen, in swart jakje, in brún jakje, in damasten boastrok mei 2 sulveren knopen, 2 swartwollen werpen skelken, in grien kroansajen skelk, in skier sergien skelk, in blau kroansajen rok, in read fluwielen taske mei in sulveren bûgel, heak, gesp en learen riem, 2 blaustreepje skelken, 2 'relijven', 3 himden, 3 bûnte en 2 wite ûndersten, in sinnehoed mei sulveren heaken, in gouden kroantsje mei 3 reade 'coralen', in gouden merkte hoepring.

In 'hoepring' is in ienfâldige gledde ring faaks in trouwing, dus net mei in stientsje.

11. Tin, koper en izerwurk.

Koper: 2 tsjettels, 4 earnamers, 1 aat, 1 panne mei deksel, 1 komfoar, 2 goatlingen, 1 bierhoarn, 1 mesken panne, 1 m. fjoerbekken, 2 m theebussen, 4 theetsjettels, 1 mesken kofjepot, 1 mesken potlid, 1 roede, 5 mesken heaken

Tin: 5 skûtels, 7 boarden, sâltpot, mosterpot, healmingel, flapkanne, in mes mei sulveren doaze en ring, 20 leppels, 2 kandelers, 4 treppots, 1 kofjemûne.

Hjir liket allinne de bierhoarn wat bysûnders, dy liet men heartiids op in feest fol mei bier rûngean. It wie in hoarn fan in ko, mar dan wol in hiele grutten, en faak mei sulver fersierd.

Izer: 2 potten, 1 komfoar, 1 kandeler, 1 blikken theebus, in slachwurk, 1 tange, 1 jiske-skeppe, 1 blikken theetsjettel, 1 tsjettel, 1 hingizer, 1 trijepoat, 1 pankoeksmes, 1 pankoeks-panne, 6 roeden, 1 lantearne, 1 ruster, 2 strykizers, 1 giter, 1 fjoerhurdsje, houten skealjens mei wichten en goud skealjens mei wichten. 4 bierglêzen, 3 romers, 2 spegels.

It is appart dat se houten skealjens, bierglêzen, romers en spegels by it izerwurk rekkenje!

In fjoerhurdsje sil lykas de fjoerpot bedoeld wêze om it fjoer sa lyts mooglik te

hâlden en ticht by de pannen en tsjettels om keamer of koken net te bot op te waarmjen.

De houten skealjens wienen foar it ôfwagen fan de bûter. En de goudskealjens sil wol in setje west ha om it gewicht fan jild te kontrolearjen, Symen wie ommers ûntfanger. Dêr by hearden fansels ek it pultrum en de boekekast.

12. Houtwurk foar de middelmuorre

2 iken kasten, 1 pultrum, 3 tafels, 1 theetafel, 1 kiste, 1 boekekast, 16 stuollen, 1 widze mei widzebank, 2 mantelstokken, 1 skûtelbank mei stienwurk, 2 koppen op de kast, 16 pannen oan de wand, 16 theekopkes en pantsjes, 2 stiennen treppots, 2 stiennen spielkûmen, 1 theekast, 1 bibel mei sulveren heaken en beslach, murken S. Symens 1747. 1 bibel sûnder beslach, mei in sulveren heak en 4 eagen, tekene: Aaltje Sipkes. 4 stoven, 1 mangelboerd mei mangelplanke en stok, 1 glêdstien, 1 kleankoer, 2 fiarndels kuorren, 1 groatfet, 1 moalfet, 2 spinwielen, 1 hispel, 2 braken, 1 izeren ribbelbraak, 1 flaaksbûtser, 1 turfbak, 1 leppelboerd, 1 skerm, 1 rak, 1 panrak.

It giet net allinne om de meubels, mar ek wat der yn en op stiet. In glêdstien waard brûkt om it linnenguod te striken.

En út de braken en de flaaksbûtser blykt dat se it flaaks sels bewurken. De izeren ribbelbraak wie wat nijs, hy moast mei de hân draaid wurde, mar wurke flugger en better as de hânbraak.

Dêrnei moast it flaaks noch slipe en swingele wurde, en dan koe men it spinne; dêrfoar wienen der 2 spinwielen en in hispel. En dan koe men it jern nei de weaver bringe om ta linnenguod ferwurke te wurden, by it bêdeguod seagen we dat der sa noch 13 jellen nij doek en 40 jellen grou doek wie en noch in stik by de weaver. Wurk by de bult dus foar de jonge froulju.

13. Houtwurk bûten de middelmuorre

In tsjerne mei 1 koperen en 4 izeren hoepen, 1 tsjermûne, 1 tsjernwidze, 4 tinen, 3 sûpefetten, 1 aad, 6 houten amers, 2 jokken, 2 houten bûterskûtels, 2 tobben, 2 temsen, 1 tsjernesammel, 3 bûterladen.

Bûten it foarhús komt men no yn de tsjerniherne, de molke waard doe noch meast yn houten amers of earnamers oan in jok út it lân helle en nei de molkenkelder brocht. Dêr waard it yn aden kuolle en dan ôfreamme. De ûndermolke waard ta tsiis ferwurke. De reamme moast earst op temperatuur brocht en sûorre en gie dan yn in tsjerne, in tsjerne mei in koperen bopperâne en fjouwer izeren hoepen wie in grutte tsjerne foar de tsjermûne.

De tsjermûne stie yn'e skuorre en waard oandreaun troch in hynder. It grutte kamred dreau in folle lytser red oan, en dêr boppeop siet in 'exentryk' dat in

lange houten stok hinne en wer beweechde, dy't nei de solder boppe de tsjernherne gie. Der stie de tsjernskommel, dy't dy hinne en wer geande beweging omsette yn in op en del geande dy't de tsjernepols op en del gear liet.

1 fleisfet, 1 kuoltrôge, 1 wanne, 1 heallopen, 1 fiarndel, 7 foarken, 1 wine, 3 leppen, 2 skeppen, 3 hekkels, 1 donghekkel, 2 heagripen, 4 gripen, 1 besleine skeppe, 1 kniifstok, 1 tieme, 3 weinen, boppesketten foar in wein, 1 sjees, 1 ierdkarre, 2 ploegen, 2 eiden, 2 stel silen, 2 eidekettings, 1 ploechketting, 1 poalske slide, 1 skoslide, 3 bynstokken, 2 achterbinen, 3 foarbinen, 1 pear sitboerd heaken, 1 swipe, 3 pear barten, 2 kretten, 1 skip mei seil, fok en kloet, 2 ljedders, 1 seine, 1 pear bolleboeiens, 1 bargetrôge, 1 hynstebongel, 1 los tiksel, 1 snijmes, 2 bilen, 1 snoeibeitel, 1 spikerboar, 1 hammer, 2 noegers, 1 sage, 1 knyptange, 400 takkebosken, 1 sadel, 2 teamen, 3 haadstellen, 5 binen, 3 gereiden, sylbeagen en oar hynsteark, 30 foer reid, 20 snies reap.

As men in ko of baarch slachte dan moast dat fleis goed hâlden wurde. Kuolkasten koe men noch net. Der wienen eins mar trije manieren: rikje, droegje en pikelje. Ek it spek dat droege waard waard earst pikele en rikke. Fleis bleau yn'e pikel stean en koe sa lang goed hâlden wurde, krekt as tussearten en snijbeannen yn in keulse pot. Mar foar it fleis fan in ko wienen dy te lyts, dêr moast in fiks fleisfet foar wêze. It measte fan it boppe neamde ark is noch wol bekend nim ik oan, en oars kinne jim it measte wol fine yn "Ald Ark" fan Mulder of yn Ít Ark fan de AFRON.(efkes googelje) Fan in ierdkarre koe ik gjin plaatsje fine dêrom ha ik sels mar ien tekene. Dat wie, foar dat der kypkarren wienen, it reau om grûn mei te ferfieren want de bak koe kypst wurde sadat de modder der ôfgliede. In besleine skeppe wie in houten skeppe dy fan foaren mei blik fersterke wie tsjin it sliten, faak brûkt as jarreskeppe of yn'e moalbak om feefoer trochinoar te skeppen. In poalske- of russyske- slide wie in wat luxere belslide. Reap wie fan roggestrie draaid tou, en in snies wie twintich.

In skip, om fracht te ferfarren, of foar eigen ferfier en plesier, dat stiet der net by. It kin dus in pream, in boatje of in boeier west hawwe, mar der stiet skip, dus tink ik dat sa eat wie as hjir neist stiet, dat koe dat allegear.

14. **feefoer:**

hea, yn'e skuorre, opt fjild en op stannen. 11 lopen rogge, 2 lopen rogstale boekweit, 6 lopen hjouwer, alles noch op stannen. En 2 siden spek.

It wie july, en it hea wie noch net allegear binnen, der moast sels noch meand wurd.

In 'lopen' is hjir in lopenstal = ljippenstâl in lânmjitte fan 360 fjouwerkante

roede = 0,5406 ha.

It boppesteande heallopen wie in ynhâldsmjitte fan 42 liter.

Boekweit waard eartiids yn'e wâlden in protte ferboud, it easke net folle fan de grûn, hoe earmer hoe better. Der wienen twa soarte, foar sân (dat sil de 'rogstâle' wêze), en foar feangrûn.

15. **Ree jild goud of sulver**

2 goudgûnen, 6 caroly.gûnen, 4 ryksoard, 22 skelling, 4 seisdehealen, 233 dûbelstoeren, 2 stoeren, 38 duiten.

Dit jout in moai byld fan it jild dat doe yn gebrûk wie: De grutste munt wie de goudgûne of floreen, mei in wearde fan 28 stoeren en dêrom ek wol 28-ger neamd.

De caroly gûne wie 20 stoeren, it ryksoard wie 12 ½ stoer, in skelling wie seis stoeren, in seisdeheal wie 5½ stoer, de dûbelstoer hiet letter dûbeltsje, en wie 2 stoeren. In stoer wie 16 duiten.

Meiinoar wie hjir, sa as sy it doe skreaunen foar 95-14-6 oan jild.

Makke goud en sulver

In sulveren kappe murken G.S.; in sulveren leppel mei S.S 1716; in

sulveren theeleppeltsje en in sulveren leppel mei de letters G.S.

In gouden earizer mei S.S. In gouden kroantsje mei fiif stringen gouden kettings, in pear gouden himdknopen, in pear sulveren skuongespen en in sulveren oerpypke.

De leppels mei ynskripsje kinne geboarte leppels west hawwe. It guod mei G.S. sil fan Grietsje Snoek west hawwe. Mei S.S fan Sytske Sipkes. In oerpypke wie net foar de sier, mar waard brûkt as in ko in betrape oer hie, wêrtroch it oer ticht siet, om dat wer iepen te meitsjen en te hâlden, oant it wer better wie.

16. Noch yn te barren skulden foaral hier.	161 - - - -
17. Noch yn te barren achterstallige belêstingen	
fan it Reeel fan 1752 en 1754	186 - 3-12
fan it Personeel 1754	12- 3-10
fan de Floreen 1750, 1751, 1753	223-18- 8
fan de Specien fan ôf 1750	227- 3-13
fan turf en branhout, foar de earmen?, diakonije?	<u>18-18-12</u>
Meiinoar	829 - 8- 7
Skulden fan achterstallige hier, mar ek lieningen.	66 - 10 --

De suwâldsters hienen dus nochal wat belestingskuld stean dat Symen foarsketten hie. Dat sil ek wol in gefolch fan de feepest west hawwe, wêrtroch

in protte tige krap sieten.

Ut de boekhâlding bliek fierder dat de trouden by har houlik mei krige hienen

Aaltsje 229 - 10 ---

Piter 206 - 10 ---

18. Dan wurdt noch meidielt dat de ferstoarne op syn stjerbêd, ûnder getugen, in beskikking opmakke hat, in 'opstel' stiet der, troch him en de getugen ûndertekene: Dat de twa âldste bern fan Sytske, elk 5 jier lang út syn boedel 10 cg krije, en de fjouwer jongsten elk oant er de 15 jier folmakke hat, jierliks 40 cg . Dy beide aldsten Sipke en Aaltsje wienen 14 en 13 jier, de oare fjouwer 11,9,7, en 5 jier. Dy jongsten moasten fansels earne by famylje ûnderbrocht wurde, de beide aldsten soenen al hast yn eigen ûnderhâld foarsjen kinne. Oer de bern fan Grietsje, Folkert en Tytsje fan 20 en 18 jier wurdt net praat.

Omdat fan de boedel fierder gjin wearde opjûn wurdt, dat wie net nedich omdat de bern de erven wiene, en dan hoechde der gjin belesting oer betelle te wurden, dêrom kinne we út dizze ynventarisaasje net sjen wat doe de priis fan de dingen wie, en wat elk dêr fan krige. Dat moast noch troch in notaris opmakke wurde om ta in earlike ferdieling te kommen. Neffens Datema ferhierden de bern de ûnferdielde pleats. It oare jiers meldt it speciecohier. "De dorpsrechter en ontvanger Symen Folkerts Algra overleden, in zijn plaats Freerk Dirks van nr 2 in Rijperkerk. Freerk wie de man fan Aaltsje. Mooglik dat guon fan de bern by har yn wenjen bleaunen.

Tolve jier letter ferhuzen Freerk en Aaltsje nei Stiens, en waard de pleats dield troch Sipke Symens Algera en Ritske Lykeles, de foarfaar fan de Suwâldster Bergsma's.